



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit.

Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste.

Hjoed sille se in freon dy’t net mear rinne kin by Jezus bringe. Soe it slagje om him ticht by Jezus te krijen? Dêr’t Jezus is, is it altyd drok.

Genêzing fan in lammenien

Lukas 5,17-26

“Hjir is wol in plakje, heit”, rôp Sara. Se swaaide mei de earms.

Heit knikte en rûn mei syn freonen de kant fan Sara út. Tusken harren yn droegen se in sike man. It wie in freon. Hy koe net mear rinne.

“Pas op! Net te hurd heit”, rôp Simon.

Hiel foarsichtich lieten de mannen it draachbêd op ’e grûn sakje.

De sike man joech Simon in knypeachje.

Fan ’e moarn betiid wiene de mannen by harren sike freon kommen. Se hiene him ferteld dat Jezus yn ’e buert wie en dat se fan plan wiene om him derhinne te bringen.

De sike man woe it earst net leauwe.

“Dochs is it sa”, hiene syn freonen sein. “Wy sille dy waskje, skjinne klean oanlûke en dan geane we der mei-inoar hinne.”

Wat fijn dat er sokke goede freonen hie. Alles like hjoed sa oars, sa bliid.

No skrokken se dochs wol. Wat in minsken hjir! Nee, dit koe nea slagje. Se soene der nea mei it draachbêd trochhinne komme kinne.

Ien fan de freonen flústere: “Ik haw in plan. Kom mei!”

Se paken opnij it draachbêd op en rûnen dermei om it hûs hinne.

Dêr wie in trep nei it platte dak ta. Hiel foarsichtich droegen se harren sike freon by de trep op.

Ien fan harren makke in gat yn it dak. Simon en Sara holpen mei. Doe’t it gat grut genôch

wie, koene se yn 'e hûs sjen. Dêr ûnder stie Jezus.
De minsken seagen ferheard omheech. Wat barde dêrboppe harren?
De fjouwer freonen knopen oan alle fjouwer hoeken fan it draachbêd in stik lekken. Hiel hoeden lieten se it bêd sakje, sadat de sike man foar de fuotten fan Jezus kaam te lizzen.
De minsken holden de siken yn. Wat soe Jezus sizze? Soe er ek lik wurde?
Just net! Jezus wie bliid. Hy seach hoefolle oft dizze freonen fan har sike freon holden.
Dêrom sei Er: "Freon, dyn sûnden wurde dy ferjûn."
De minsken derom hinne klaptten yn 'e hannen. Se wiene alhiel optein.

Der stiene ek deftige Fariseeërs by te sjen. Mannen dy't krekt wisten wat wol en net mocht. Ien fan harren sei: "Wa is dy Jezus eins? Ferjout Hy sûnden?"
"Dat kin allinne God mar!", sei in oare Fariseeër.
Jezus wist wêr't se it oer hiene. Hy frege: "O ja, tinke jim dat? Ik sil jim sjen litte dat de Minskesoan sûnden ferjaan kin."
Hy draaide him om nei de sike man ta en sei: "Kom oerein! Rôlje dyn bêd op en rin nei hûs ta!"
De man seach Jezus oan. Hy sette syn fuotten op 'e grûn, drukte himsels oerein... Hy stie! Nimmen doarst mear wat te sizzen. De deftige Fariseeërs ek net.
De man nam syn draachbêd ûnder de earm en rûn nei hûs ta.
Elkenien wist dat dit in teken fan God wie.

Doe't Simon en Sara mei heit nei hûs ta rûnen, sei Sara: "No hoege wy ús freon nea wer te tillen, heit."
Heit knikte en seach nei Simon. "Wat bisto stil, Simon. Wêr tinksto oan?"
Simon moast efkes neitinke en sei: "Ik tink dat Jezus op God liket."